

Fontein fan Kepler (Ca. 97.984 v. Chr.)

Tidens de opgravings yn it Gat fan Kepler (site 0.0) kamen der allerhande ûnbekende brokstikken foar it ljocht. Geandewei die bliken dat de brokstikken by elkoar hearden en ûnderdiel wiene fan 'n ikoanysk keunstwurk dat mei frij grutte sekerheid op it Gat fan Kepler stien hat. Wittenskippers tinke dat dat 'n lytse 100.000 jier ferlyn west hat. Sy tinke dat it tusken 50.000 en 30.000 foar Kristus fernield is troch manshege jatteklappers.

Nei 'n yngeande rekonstruksje liket it der op dat it 'n kolossale fontein west hat. De gravure dy 't, yn 'n leaden koker, trije moanne letter ek op site 0.0 opgroeven waard, wie it lêste stikje bewiis dat de wittenskip it by it rjochte ein hie. De fontein jout 'n byld fan wat "mienskip" doe foar de minsken betsjutte. Elke man koe "lid" fan de fontein wurde troch 'n kopie fan syne "jonge hear" meitsje te litten en oan de fontein te hingjen. *(It soe 'n prehistoarische "Walk of Fame" wêze kinne).*

It skynt dat der ek 'n froulike fariant west hat, of sels 'n kombinaasje fan beide. Dit nei oanlieding fan it grutte oantal ferstiende tepels dy 't foar it ljocht kamen. Der binne al wol "nazaten" lâns west dy't mei frij grutte sekerheit 'n fier "famyljelid" herkennen.

De fontein koe allinnich mar spuitsje as der troch de befolking op gong holpen waard. Foar dat doel wie, oan de achterkant, 'n doar de tagong nei 'n iepenbier toilet. *(net op de gravure te sjen)* Sa gau as der 'n miel yn de pisbak klettere begûn de "Fontein fan Kepler" te spuitsjen. It wie 'n grutte rage om de "Fontein fan Kepler" spuitsje te litten en soarge foar grutte drokte yn en om de fontein. *(de ymmens grutte oantallen potskerven kin wize op "prehistoarysk toerisme". Se kinne fan bierpullen wêze dy't fan de terrastafels foelen. Bier wie goed foar de "oandrang" en men koe der better fan pisje as fan 'n pak spikers)*

Leden fan Stichting de Paupers meitsje harren hurd foar 'n selfde eksemplaar op it Gat fan Kepler. Nei alle gedachten sil it de 12^e fontein wurde dy't yn 2018 foar it earst spuitsje sil. Middels "crowdfunding" kin it folk lid wurde fan de "Fontein fan Kepler" en harren "lid" 'n plakje jaan op de nije fontein. Mei ús allen moat dat slagje!

Doch mei! Jim kinne meitinke en meibeslisse hoe 't de fontein wurdt! Jim stim en reaksjes binne tige wichtich!

Sjoch op de [Facebookpagina fan De Paupers](#) en www.paupers.nl

Freegje de folder oan, download 'm, skriu 'n brief of belje: **0515 542830** of **06 30671644**

Mar fertel it foaral fierder! Op feestjes en jierdeis docht dit ferhaal it prima en hat elk der wol 'n idee oer!

